Hendrik de Jong dy 't nei in goeie aksje de 1-0 makke. Noch gjin twa minuten letter makke hy sa ek de 2-0. De wedstriid like dien. It wie allinne Makkum dy 't hjir oars oer tocht. Nei in korer makken sy nei in "scrimmage" de oanslútingstreffer. Efkes foar tiid liken sy sels de lykmakker noch te meitsjen. Lokkich genôch waard dizze goal ôfkard foar bûtenspul. Meinammen it publyk út

Makkum wie it net hielendal iens mei dizze beslissing. Efkes letter waard Marco Ottens(yn it fjild kaam foar Henk Postma) oan 'e oare kant fan it fjild ûnderút lutsen yn it strafskopgebied. De takinde penalty waard troch Harm Stremmer hurd yn 'e hoeke sjitten. De keeper hie gjin kâns. Sa waard it dochs noch 3-1. Man fan 'e wedstriid waard  
H e n d r i k                    d e                    J o n g .



**Boppe:** in kâns tsjin de Sweach

**Hjirneist:** de trainer en lieder yn de nije SDS sweater, dy't in fan SDS beskikber steld hat.



## SDS 2 giet foar de top

SDS 2 hat sneon sjen litten dit seizoen mar ien doel te hawwen en dat is in priis helje. Wer SDS 2 foarich seizoen thús noch mei 6-1 de boat yngie tsjin CVVO, wisten sy no te winnen mei 3-1.

De wedstriid begûn pas om in oer as trije trochdat der gjin skiedsrjochter wie. Sipke Hiemstra fluite úteinliks de wedstriid. SDS kaam yn 'e twadde helte op foarsprong troch in knappe goal fan Skelte Anema. In kertier foar tiid makke CVVO út in frije traap de lykmakker. SDS 2 sette op it lêst noch oan en woe de wedstriid perfoarst winne. It wie Pieter Kamstra dy't in frije traap fan Jeroen Brouwer ynkoppe(hands?????) koe. Inkelde minuten foar tiid makke hy ek de 3-1. Folgende wike spilet SDS 2 tsjin Oeverzwaluwen yn Koudum.

SDS 2 koe gjin punten meikrije út Koudum. De wedstriid tsjin Oeverzwaluwen gie mei 2-1 ferlen. Lykas de ôfrûne jierren hie SDS it wer dreech yn 'e Sândobbe.

SDS begie slap oan 'e wedstriid. Dit wylst ferwachte waard dat júst Oeverzwaluwen slap begjinne soe. Sy hienen feesten yn it doarp, mar liken moarns in sterk bakje kofje hân te hawwen want fan in kater wie neat te merken. By SDS wie it al slap en fuotballe it it earste kertier meinammen sûnder oertsjûging. De Koudumers wisten hjir wol rie mei en krigen inkelde lytse kânsen. SDS kaam stadich oan werom yn 'e wedstriid en hie de pech dat in doelpunt fan Willem Wijnia ôfkard waard. Efkes letter waard it 1-0 oan 'e oare kant. In misferstân tusken Auke Hiemstra en Marco Brouwer soarge derfoar dat in spiler fan Oeverzwaluwen

allinne op 'e keeper ôf koe en hy makke it goed ôf.

De twadde helte begie SDS sterk en liet sjen net sûnder punten nei hús te wollen. Útspile kânsen smiet dit allinne net op. It waard sels 2-0 doe't in ferkearde weromspylbal der foar soarge dat Samme Overal oan 'e noadrem lûke moast. Neffens SDS bûten it strafskopgebied, mar neffens de skieds der binnen. Marten Faber wie kânsleas by de penalty. De lêste 20 minuten probeare SDS dan dochs noch oan te setten. Harm Auke Dijkstra kaam deryn foar Marco Brouwer en makke al gau de 2-1 nei in fraai lobke. SDS krige de kâns om noch in puntsje mei te nimmen doe't Syb Overal binnen de sechtsjin delein waard en de skieds wer nei de stip wees. Auke Hiemstra joech jammer genôch de bal yn 'e hannen fan 'e keeper. Hjernei wie de wedstriid gau dien en it bleaun dan ek 2-1. De keeper fan Oeverzwaluwen sil fêst noch in noflike merke hân hawwe.

SDS 2 gie sneon mei 0-1 ûnderút tsjin Nijlân. Troch beide ploegen waard net echt goed fuotballe, mar striid wie der genôch.

Yn 'e earste helte wie it SDS dy 't de bettere ploeg wie. In soad kânsen krigen sy allinne net. It wie Robert Sybesma dy 't SDS op 1-0 sette koe. Nei sa'n 5 moanne oan 'e kant sitten te hawwen mei in blessure koe der no wer meidwaan. Robert hie noch net genôch ritme opdien om yn syn earste wedstriid alwer te skoren. Allinne foar de keeper sjitte der de bal lyk yn 'e hânnen. Nijlân spile hurd en dit waard net altiten troch de skiedsrjochter sjoen. Mei hjirtroch wie it moeilik om troch de sterke ferdediging fan Nijlân te kommen.

Yn 'e twadde helte wie it spul fan beide kanten rommelich. "Hotse-knotse-begonia-fuotbal" koenen je it wol nimme. Dochs krige Nijlân inkelde grutte kânsen. It wie Marten Faber dy 't goed rêdde doe't der ien allinne op him ôfkaam. Nei sa'n 20 minuten yn 'e

twadde helte wie 't dochs Nijlân wat skoarde. Nei in goeie oanfal kopte de spits fan Nijlân de bal hurd tsjin de touwen. SDS probeare noch fan alles om net te ferliezen, mar Nijlân joech neat m e a r w e i .

## De doar op in kier by SDS 4

### Minnertsgea 3 – SDS 4

Foar dyselden dy't oandielen hawwe fan SDS 4 is it nije fuotbalseizoen min út ein setten. We binne mei in 7-1 ferlerne wedstriid nei hûs ta stjoerd. Ljochtpuntsjes yn dizze ekonomyske en sportive delgong binne dat er genôch spilers wiene, dizze spilers 90 minuten fit bleaunen en dat er genôch auto's wiene, dy't dizze spilers wer nei hûs bochten. It ienige doelpunt foar Easterein waard makke troch Tsjalling Hoekstra, in skitterend skot út de twadde line.



### SDS 4 – Tzummarum 2

Foar dyselden dy't de oandielen SDS 4 nei de earste ferlerne wedstriid noch net fan 'e hân dien hawwe, ha ik spitich nijs oer de twadde wedstriid. De lieder, spilers, skouts em ballejongens hiene ôfpraat dat se hjoed de nul hâlde soene.

Dit is tige slagge, wy hawwe gjin doelpunt makke. Tzummarum hie de boel aardich better op streek yn it team. Dit makke dat wy de wedstriid ferlern hawwe mei 0-7.

Ik wol Jelle de Boer graach bedanke, hy wie dizze wedstriid ús skiedsrjochter. Aant Hofstra en Willem Tjalsma ek bedankt foar jimme ynset mar spitichgenôch mocht it net sa wêze.

### Zeerobben 4 – SDS 4

Op dizze prachtige neisimmerdei yn septimber giet it foar de tredde kear op in rij wer mis. We hawwe de wedstriid ferlern mei 4-1. Frans Pieter Terpstra makke ús doelpunt, dat en ek dat Bertus Bootsma ús by stie yn drege tiden as dizze wiene de ljochtpuntsjes fan hjoed.

Ik hoop dat ik yn de folgende Treffer wat positiver nijs skriuwe kin.

Evert

## Ald5praat

### SDS V – RES V (beker)

De wedstriid fan RES V út Boalsert tsjin SDS V stie yn it teken fan twa saken.

In grut tal eigen 35 + spilers koe net meidwaan, (se moasten sanedich in ein rinne sûnder bal, se moasten sanedich hast 25 jier troud wêze), sadat der in berop dien wurde moast op de âlderein út it tredde en fjirde.

Wouter Hielkema, Friso Albada, Tjeerd Dijkstra, Anco Elgersma en Jan Keuning binne ek 35 of âlder en sjogge der yn alle gefallen sa út.

De twadde saak dy't spile wie it doelsaldo. Om noch in kans te meitsjen om troch te gean, moast der wûn en flink skoord wurde.

Dat earste slagge, dat twadde net. Dochs hie dat wol kind. Der wiene tal fan kansen mar fierder as 4 doelpunten kaam SDS net. Ek Res skoorde 1 kear en mei in saldo fan +3 is de hoop net sa grut.

Doelpunten wiene der fan Bertus Bootsma, Eddy de Boer, Wouter Hylkema en Anco Elgersma.

En no mar ôfwachtsje, want hast all oare wedstriden moatte noch spile wurde.

### SDS 5 – Trynwâldster Boys 8-0

In prachtige nije bal, in grutte oanwêzige seleksje en honger nei de bal: dat wiene de saken dy't de útslach bepaalden.

Want mei 8-0 winne yn de earste wedstriid is bêstgenôch.

Doelpunten wiene der fan Ype 2, Eddy 2, Folkert Rients, Willem, Roel en Aant.

### SDS 5 – Franeker 6 2-1

Dit wiene letterlik en figuerlik âlde bekenden fan ús. Bekind wie ek dat wy it altyd dreech hawwe tsjin harren.

Franeker 6 ferdigene ticht byelekoar en der wie min troch te kommen. Oan de oare kant wie it dúdlik dat de efterhoede alert wêze moast.

Dochs makke SDS foar de thee 2 doelpunten. Beide kamen yndirekt fuort út in kornier. Earst wie it Ids Boersma dy't "besjoen"skoorde en dêrnei makke Klaas Okkema syn earste doelpunt nei oanjaan fan Pyt de Jong.

De gasten kamen nei in snelle kombinaasje noch wol op 2-1 foar de thee. Yn de twadde helte in spannende striid mei goeie kansen oan beide kanten. Skoord waard er net.

### De bal

SDS 5 spilet dit jier mei in eigen bal. Dat docht fertuten. Thús is noch net ferlern. Roel Sybesma en Klaas Molenmaker hawwe dizze bal oanbean. Hulde dêrfoar.

### Trochbekerje of net

SDS5 hat meidien yn de bekerstriid. Ien kear ferlern en twa kear wûn. It is no noch altiten ôfwachtsje hoe't it komt. Alle oare wedstriden yn de poulje binne noch net spile. By SDS 5 geane se der fan út dat sy troch geane en dat er net mear wachte wurde sil op de oare wedstriden.

Hoewol SDS 5 in frije hege gemiddelde leeftyd hat, is it spul dit jier goed. Yn de kompetysje waard oant no ta 3 kear wûn en mei in doelsaldo fan 14-1 sjocht it der goed út. At men wat trou bliuwe kin is it mooglik in goai nei it kampioenskip te dwaan. Klaas Okkema giet net foar minder hat er al oanjûn.

(ah)

## Mei Knabbel en Babbel nei BCV (út Bugum)

It seizoen is noch mar krekt los of de ploechfoarming krijt al gestalte. Sa kinne de twa spitsen fan SDS 5 prima troch ien doar, at it mar net tagelyk is en binne se ûnderwilens al in echt koppel. It koe dan ek net útbluwe der moast in namme foar dit koppel betocht wurde, wêr dúdlik wurdt dat se op elkoar oanwezen binne mar ek dat er ferskillen binn.

De iene hyt Knabbel en dat hat wierskynlik te meitsjen mei de lichemsbreedte wat docht fermoeden dat hy graach borrelnútsjes lest. De oare hyt dan fansels Babbel en it sil dúdlik wêze hy fertsjinnet syn oandacht mei meast in goed ferhaal. 27 septimber setten Knabbel en Babbel (fansels yn de selde auto) ôf nei BCV (út Bugum) Tal fan feteranen seagen út nei dit útstapke en hoopten noch efkes in glimp op te fangen fan Gabe, de yn feteranekringen tige bekinde humorist út it programma fan Sybe Satellyt.

By it opgean fan it fjild waard Babbel hast de dupe fan in wol hiel aardige grap. Ek de tige geroutinearde Okkie krige it spaansk benaud doe't in Burgumer oanjoech dat dizze skiedsrjochter allinne de wedstriid troch gean liet at elkenien skonkebeskermers oan hie.

Babbel en Okkie wolle graach harren tige oantrekkelijke skonken sjen litte oan elkenien en fuotbalje altiten mei sokken sa leech mooglik.

It wie dêrmei yn de kâlde oarloach 1-0 foar BCV (út Bugum), mar it wie mei de rêst 0-2 foar ús. De 0 hâlde dat wie wichtich en de ferdigening mei Jacob P, Ype B, Jelle de B en Stoffel B soargen der foar dat Jaap B. in makkie hie.

Foaryn wiene der wol wat kankses en lokkigerwize waarden der 2 benut. Knabbel, ûndanks it feit dat hy foarôf ferskate smoezen oandroegen hie om oan te jaan dat it lichaamlik net hielendal lekker siet (de bealch docht my oeral sear) skoarde twa kear en dêrmei hat er fan ús permisje om it tongersdeitejûns altiten hiel let te meitsjen.

De middenfjilders besochten it spul yn de twadde helte ek te diktearen en dat slagge. Yn it skoft hiene Knabbel en Babbel efkes oerlein oer it oerspyljen en mei in pear tips fan Knabbel slagge it Babbel ek om twa kear te skoaren.

It giet te fier om hjir del te setten hoe't de tariesding fan in feteraan it beste wêze kin, mar der waarden hiel wat opsjes oan jûn. Dúdlik is wol dat it net folle mei trainen te meitsjen hat en hurd wurkjen mar mear mei seks wêrby it wurkjen ek noch oan de oare helte oerlitten wurdt.

Knabbel en Babbel krigen harren oerwinningspremie ek dizze kear wer. Knabbel syn bourrelnúten en Babbel mocht de froulju efker de bar yn Bugum helpe mei it omroppen fan de nummerkes foar de patat en de platte heale hin.

(Aant)





## Oan it wurd...Gerrit Terpstra

**Gerrit, sunt wannear bisto lid en wat is dy foaral bybleaun fan die tiid?**



Ik wie 7 jier, doe koene se my echt net mear thús halde. Dat earste jier (mei lieder Santema en trainer Pander) ferlearen we alles dik, úslaggen fan 11-0 en mear. Doe't we yn Harns ris in kear mar mei 4-1 de boat yn giene, wie it feest. Patat en fris op tafel! Ik balle doe mei mannen as Friso Albada, Tiede v/d Velde, Tamme Posthumus en Johan Drost.

Ik spile yn de jeugd faak mid-mid en wie in spulbepalende spiler, makke ek wolris in goaltsje. Dit foel Henk Buning ek op en dy helle my doe't ik in jier as 17 wie by it earste, we wiene krekt kampioen wurden mei de B's. Qua fuotbal wie ik yn die tiid op myn top. Buning sette my de earste wedstriid (tsjin Snits Hovis) op linksbûten. Troch de jierren ha ik op in protte plakken stien, de leste jierren op de rjochtsback.

**Bist al jierren by de A-seleksje, wat driuwt dy?**

Sneontemoarn nei de wedstriid ta leve, dan lekker balje en nei de tiid it der efen oer hawwe. De gesellichheid meiïnoar is foar my it belangrykste. In trainingsbist bin ik nea west, ik wurk(j)e leaver by Kooistra. In pear jier lyn bin ik in skoftke stoppe fanwege oare droktes (bern, nij hûs), doe gie ik wolris nei in wedstriid ta, seach ik de mannen oan de tafel sitten, mar ik hearde der net mear by, dat wie wol frjemd.

**Wat is fynst moai oan ferdiegenjen?**

It giet my der om dat ik in goeie wedstriid spylje. De posysje docht der eins net sa ta. In man utskeakelje is moai, mei opkomme en dan skoare noch moaier, mar dat bliuwt der wolris wat by as je âlder wurde.

**Hokker tsjinstanner(s) binne foar dy oars as oars?**

Klubs as Bolswardia, Workum en de Sweltsjes ut Koudum, binne drege tsjinstanners. Se witte hoe't wy spylje en stelle harren der goed op yn, dat soarchet altiid foar muoisume wedstriiden. Qua directe tsjinstanner wiene de duels mei Jehannes Vermaning fan WPB altiid wol moai. Beide snel en behindig, in soad aksje.

**Wat binne dyn hichte/djiptepunten by SDS?**

De 3 kampioenskippen efterinoar ûnder Hylke de Vries wiene prachtig. Ek it winnen fan de beslissingswedstriid tsjin It Fean wie in hichtepunt. Al wie it foar Douwe Skaafsma wol sneu dat ik nei twa wedstriiden skoarsing yn stee fan him wer yn de basis stie. Ik ha sels de trainer noch belle dat er Douwe der yn sette moast, mar dat krige ik net foarinoar.

Wat ek wol aardich wie is dat ik ris in wykeintsje nei sporthuis centrum yn Zandvoort wie en de trainer perse woe dat ik werom kaam foar de wedstriid. We moasten thús tsjin Balk. Moarns efen lekker yn it bubbelbad, dêrmei yn de auto, ite by Douwe en Janke en doe balje. We kamen mei 1-0 efter en doe skoarde ik 2 kear en wûnen we de wedstriid. Jûns siet ik wer yn it bubbelbad.

Djiptepunt wie eins wol it 1-1 lykspul, jierren lyn tsjin Anjum wer troch wy

degradearen nei de 4<sup>e</sup> klasse. It 1-0 ferlies tsjin Mulier foarrich jier en de beslissingswedstriid tsjin Bolswardia fan dat jier derfoar wiene ek net echt fijne wedstriiden.

SDS mist wolris wat slimmigheid, as we der wêzemoatte slagget it faaks net.

### Hoe sjochsto de takomst fan SDS?

We sitte yn de lift, ik tink dat it niveau noch nea sa heech west is en we ha in protte leden (miskien wol wat tefolle?) Qua akomodaasje soe in nije kantine wol winsklik wêze en in ekstra fjild is ek net wei. In soarte fan wetrafjild sa as se by Top en Twel hawwe (in fjild mei ljochtmesten der't sawol op traind as wedstriiden op spile wurde kinne) soe in útkomst weze.

### Ta besluit:

Ik tink wolris dat ik der mear ut helje kinnen hie. Miskien bin ik wol wat te betiid by it earste kaam, de stap wie hiel grut, foaral fysiek en qua baltempo. Ek wie it freedtejûn wolris wat te gesellich en dan sneontemoarns wer betiid oan it wurk en middeis fuotbalje wie net altiid in goeie kombinaasje. Fierders giet it my om de sfear om it fuotbaljen hinne, nei de tiid efen ouwehoere mei byfoarbyld Durk Okkema, dat is prachtich. Ek wol ik graach Egbert betankje foar de moaie jierren. It is spitich dat it sa rûn is, mar ik winskje him fierder in soad sukses en plesier ta.

(SVB)

### Dyn SDS super-alve:

	Egbert (maat)	
Wichard(ynstelling)	Floris(de beste)	Ids B.(beskieden goed)
Gert-Jan	Wouter (buiten kijf)	Wim Bakker
	Klaas Okkie	
Hendrik	Jappie	Robert

### Wiksels:

Harm Stremmer (oeral ynsetber)


Jan Weijer (altiid posityf)

Anco Elgersma

Trainer: Hylke de Vries

Lieder: Anne Brouwer

## Sibe de Seefûgel (47)



Dizze simmer hat it wer bliken dien hoe wichtich at it wetter is foar it libben.

Op Skrok hiene se dat al lange tiid yn de gaten. Want op fersyk fan de fûgels waard dêr in prachtige wetterplak oanlein.

Us tasichthâlder (sis mar ús Jelle Vitens) soarget er foar dat it op peil bliuwt en wy soargje der foar dat wy syn hiem net ûnder skite. Foar wat, heart wat.

Ek by fuotbal en dus by SDS spilet wetter in wichtige rol.

Want sis no sels. Der binne meardere sprekwurden at dy der al net west hiene, no makke waarden spesjaal foar it fuotbal. Want "sa fluch as wetter "dat jildt dochs foar mannich fuotballer fan SDS, bygelyks de bruorren de Jong. ( Ik hearde sa oan de line it gerucht giet dat harren heit foarhinne ek sa snel wie).

Nim no de siswize "Under wetter wêze" Dat slacht dochs dúdlik op bepaalde leden dy't er hast nea binne en ek net altiten ôfsizze.

Sa kin ik my ek goed foarstelle dat sommigen fan de klup "kinne as fjoer en wetter"

De siswize "it wetter stiet him oan de lippen ta" is spesjaal makke foar trainers dy't yn swier waar sitte trochdat de rissultaten net goed binne. Dizze siswize wurdt nea brûkt by SDS.

Wat ek net fan tapassing is op de Skoalleseize en dan spesjaal yn de kantine is de siswize "op wetter en brea sitte". Nee foar de Skoalleseize jildt mear de útdrukking "op bier en broadsje

hamburger sitte", wat safolle betsjut as neisitte.

Ek yn it fjild komt it wurd wetter foar. Want is it net sa dat alle ploegen wetterdragers ha moatte om ta goed spul te kommen. En dat bedoel ik dan figuerlik. Letterlik moat er ek wetter dragers komme. Want mei de kommende hite simmers en waarme winters sil it wetter net oan te slepen wêze.


It kin fan in lieder net ferwachte wurde dat hy him in breuk sjout mei wetterflessen.

Derom doch ik mar wer in goed foarstel oan de klup. It safolste.

Bestjoer, sjoch nei it fee. Sjoch hoe't sy harren tegoed dogge oan wetter.

Meitsje gebrûk fan dy technyk en dan foarsis ik jim dat jim de earste klup yn de wrâld binne mei in super moderne wetterfoarsjenning tichtby it fjild.

Ek it publyk mei hjir gewoan útdrinke. En at it wetter dan wat filtere wurdt, doch der dan in bytsje sâlt by, dat is goed foar de fochtferliezende sporter en prima foar de toarst letter en dus foar "it op bier en broadsje hamburger sitten."



# Standen per 26 septimber 2003

## SDS 1 - 3e Klasse B

1 SDS 1	3	9	10 -	3
2 Oostergo 1	3	9	7 -	0
3 Anjum 1	3	9	8 -	2
4 Be Quick D 1	3	6	3 -	2
5 Buitenpost 1	3	4	7 -	2
6 WTOC 1	3	4	3 -	3
7 Bolswardia 1	2	3	4 -	4
8 Rottevalle 1	3	3	5 -	10
9 Wykels Hallum 1	2	1	3 -	9
10 Ouwe Syl 1	3	1	4 -	7
11 Makkum 1	3	0	2 -	8
12 Sweach De 1	3	0	2 -	8

## SDS 2 - 2e Klasse

1 Flevo Boys 3	3	7	5 -	2
2 Workum 2	3	6	11 -	7
3 DESZ 2	3	6	7 -	4
4 Olde Veste'54 d' 2	3	6	5 -	7
5 Balk 2	3	5	7 -	3
6 CVVO 2	3	4	8 -	4
7 Oeverzwaluwen 2	3	4	3 -	3
8 Nijland 2	3	4	4 -	7
9 SDS 2	3	3	4 -	4
10 Heerenveense Boys 3	3	3	1 -	7
11 Bolswardia 2	3	1	4 -	6
12 Makkum 2	3	1	2 -	7

## SDS 3 - 4e Klasse

1 Foarut 2	3	9	9 -	5
2 Mulier 2	3	7	9 -	7
3 Franeker SC 3	2	6	8 -	3
4 SDS 3	3	6	9 -	7
5 WWS 2	3	5	7 -	6
6 Blauw Wit '34 5	3	4	8 -	8
7 Flamingo SC 2	2	3	7 -	6
8 Berlikum SC 2	3	3	7 -	8
9 AVC 3	2	0	2 -	5
10 Rood Geel 2	3	0	5 -	10
11 Leeuwarder Zwaluwen 6	3	0	5 -	11

## SDS 4 - 6e Klasse

1 Minnertsga 3	3	9	17 -	1
2 Tzummarum 2	3	9	14 -	2
3 Bolswardia 5	2	6	9 -	3
4 Zeerobben 4	2	6	8 -	2
5 Nijland 3	3	6	16 -	4
6 Franeker SC 5	3	3	6 -	8
7 Leeuwarder Zwaluwen 12	1	0	3 -	5
8 RES 2	1	0	2 -	6
9 Waterpoort Boys 3	2	0	1 -	12
10 SDS 4	3	0	2 -	18
11 Berlikum SC 4	3	0	2 -	19

## SDS 5 - 6e Klasse

1 SDS 5	2	6	10 -	1
2 Rijperkerk 3	2	6	7 -	3
3 BCV 6	3	6	6 -	2
4 Trynwaldster Boys 3	3	4	5 -	11
5 Blija 3	1	3	4 -	1
6 Noordbergum 3	2	3	3 -	3
7 Franeker SC 6	3	3	8 -	5
8 Suawoude 2	1	1	3 -	3
9 Veenwouden SC 4	1	0	1 -	4
10 Ouwe Syl 3	2	0	3 -	8
11 Rottevalle 4	2	0	1 -	10

## SDS A1 - Hoofdklasse B

1 Leeuwarden A1	3	9	9 -	2
2 LSC 1890 A1	3	9	9 -	4
3 DIO Oosterwolde A1	2	6	9 -	2
4 Frisia A1	3	6	4 -	5
5 Rood Geel A1	3	4	7 -	5
6 Joure SC A1	3	4	6 -	5
7 SDS A1	2	3	5 -	4
8 Zeerobben A1	3	3	8 -	9
9 Drachten A1	3	3	6 -	8
10 Wolvega FC A1	3	3	2 -	8
11 BCV A1	3	0	2 -	8
12 Hardegarijp A1	3	0	1 -	8

**SDS B1 - 1e Klasse G**

1 RES B1	3	9	19 -	2
2 WZS B1	3	9	15 -	5
<b>3 SDS B1</b>	<b>3</b>	<b>7</b>	<b>12 -</b>	<b>4</b>
4 ONS Sneek B2	3	6	14 -	4
5 Bolswardia B1	3	6	9 -	8
6 Sneek B1	3	4	11 -	7
7 Makkum B1	3	3	6 -	6
8 Zcerobben B1	3	3	10 -	16
9 Robur B1	3	3	7 -	15
10 Balk B1	2	0	6 -	9
11 Mulier B1	2	0	1 -	17
12 Scharnegoutum'70 B1	3	0	3 -	20

**SDS C1 - 1e Klasse I**

1 Wolvega FC C1	3	9	14 -	0
2 Sneek C1	3	7	9 -	1
3 Gorredijk C1	3	7	11 -	4
4 ONS Sneek C1	3	6	4 -	6
5 Rouveen SC C1	3	4	8 -	7
6 Urk C2	3	4	6 -	12
7 Heerenveense Boys C1	2	3	6 -	2
8 Bolswardia C1	3	3	9 -	7
9 GAVC C1	3	3	10 -	10
10 Steenwijk/Time Out S C1	1	0	0 -	2
11 Balk C1	2	0	2 -	12
<b>12 SDS C1</b>	<b>3</b>	<b>0</b>	<b>1 -</b>	<b>17</b>

**SDS B2 - 2e Klasse**

1 Workum B1	2	6	19 -	3
2 Sneek B2	2	6	10 -	3
3 Stormvogels'64 B1	2	4	9 -	7
<b>4 SDS B2</b>	<b>2</b>	<b>4</b>	<b>3 -</b>	<b>1</b>
5 IJVC B1	3	4	16 -	10
6 LSC 1890 B3	3	4	14 -	10
7 Tzum B1	1	3	2 -	1
8 Joure SC B4	3	2	10 -	20
9 ONS Sneek B3	2	1	2 -	8
10 RES B2	3	1	7 -	17
11 Bolswardia B2	3	0	4 -	16

**SDS C2 - 3e Klasse**

1 Urk C5	3	9	30 -	4
2 Oeverzwaluwen C2	2	6	18 -	1
3 CSS C2	2	6	7 -	3
4 NOK C2	3	6	8 -	3
5 CAB C2	3	6	7 -	6
6 Bolswardia C2	3	6	8 -	9
7 Makkum C2	3	4	6 -	10
<b>8 SDS C2</b>	<b>3</b>	<b>3</b>	<b>4 -</b>	<b>10</b>
9 Heerenveense Boys C3	3	3	4 -	12
10 Frisia C4	3	1	4 -	23
11 CVVO C3	3	0	3 -	10
12 Joure SC C5	3	0	2 -	10

**SDS D1 - 2e Klasse**

1 Workum D1	3	9	17 -	8
<b>2 SDS D1</b>	<b>3</b>	<b>9</b>	<b>11 -</b>	<b>3</b>
3 Oeverzwaluwen D1	2	3	9 -	5
4 IJVC D1	3	3	8 -	12
5 Oosterlittens D1	2	0	5 -	9
6 Mulier D1	3	0	3 -	16

**SDS D2 - 2e Klasse**

<b>1 SDS D2</b>	<b>3</b>	<b>9</b>	<b>19 -</b>	<b>0</b>
2 Scharnegoutum'70 D2	3	6	8 -	6
3 Blauw Wit '34 D3	2	3	4 -	5
4 Blauwhuis D1	3	3	5 -	15
5 IJVC D2	2	1	2 -	9
6 JVC Nylan 2000 D2	3	1	5 -	8

**SDS D3 - 3e Klasse**

1 Oeverzwaluwen D3	2	6	15 -	6
2 QVC D3	3	6	18 -	11
<b>3 SDS D3</b>	<b>2</b>	<b>3</b>	<b>9 -</b>	<b>5</b>
4 Oosterlittens D2	2	3	6 -	6
5 Scharnegoutum'70 D3	3	0	9 -	29
6				

**SDS E1 - 1e Klasse**

1 Workum E1	3	9	15 -	4
2 Balk E1	3	9	13 -	4
3 CVVO E1	3	4	8 -	8
4 Lemmer Bentex E1	3	3	6 -	11
<b>5 SDS E1</b>	<b>3</b>	<b>1</b>	<b>5 -</b>	<b>9</b>
6 LSC 1890 E2	3	0	3 -	14

**SDS E3 - 3e Klasse**

1 Oosterlittens E3	3	9	28 -	6
<b>2 SDS E3</b>	<b>3</b>	<b>7</b>	<b>10 -</b>	<b>4</b>
3 Heeg E2	3	6	25 -	4
4 Nijland E2	3	3	10 -	17
5 Scharnegoutum'70 E2	3	1	7 -	20
6 RES E3	3	0	3 -	32

**SDS F1 - 3e Klasse BT**

1 Akkrum F1	3	7	21 -	3
2 WWS F1	3	7	13 -	4
<b>3 SDS F1</b>	<b>3</b>	<b>6</b>	<b>15 -</b>	<b>9</b>
4 Oosterlittens F1	3	3	10 -	15
5 Scharnegoutum'70 F1	3	3	4 -	15
6 Imsum F1	3	0	3 -	20

**SDS F3 - 4e Klasse AQ**

1 Oosterlittens F2	3	7	24 -	2
<b>2 SDS F3</b>	<b>3</b>	<b>5</b>	<b>13 -</b>	<b>3</b>
3 Franeker SC F7	3	4	11 -	8
4 Zeerobben F8	3	3	15 -	17
5 Dronrijp F4	3	3	5 -	19
6 Zeerobben F7	3	3	6 -	25

**SDS 1 - 2e Klasse B**

<b>1 SDS 1</b>	<b>4</b>	<b>12</b>	<b>20 -</b>	<b>8</b>
2 RES 1	4	10	27 -	10
3 Urk zvv 3	3	9	25 -	8
4 WZS 1	4	9	24 -	15
5 ZVVS 2	4	7	15 -	12
6 Renado 1	3	4	9 -	16
7 Workum 2	3	3	14 -	9
8 Ens 1	4	3	10 -	15
9 Genemuiden SC 1	4	2	11 -	20
10 Flevo Boys 1	3	1	11 -	16
11 Espel 1	3	0	8 -	18
12 Lemsterland 3	3	0	4 -	31

**SDS E2 - 2e Klasse**

1 Zeerobben E3	3	9	26 -	0
2 LSC 1890 E3	3	9	17 -	4
3 ONS Sneek E3	3	6	21 -	4
<b>4 SDS E2</b>	<b>2</b>	<b>0</b>	<b>2 -</b>	<b>7</b>
5 Dronrijp E2	2	0	0 -	16
6 Frisia E4	3	0	1 -	36

**SDS E4 - 3e Klasse**

1 Oudehaske E4	3	9	28 -	6
2 Blauwhuis E2	3	5	11 -	6
3 Oosterlittens E2	3	4	16 -	8
<b>4 SDS E4</b>	<b>3</b>	<b>4</b>	<b>7 -</b>	<b>9</b>
5 IJVC E4	3	3	10 -	24
6 Workum E4	3	0	4 -	23

**SDS F2 - 3e Klasse BV**

1 Franeker SC F2	3	9	30 -	3
2 Zeerobben F4	3	7	16 -	11
<b>3 SDS F2</b>	<b>3</b>	<b>6</b>	<b>12 -</b>	<b>8</b>
4 Bolswardia F2	3	3	10 -	18
5 Leeuwarder Zwaluwen F3	3	1	11 -	23
6 Makkum F2	3	0	3 -	19

**SDS F4 - 4e Klasse EI**

1 Black Boys F1	3	9	57 -	0
<b>2 SDS F4</b>	<b>3</b>	<b>9</b>	<b>18 -</b>	<b>4</b>
3 CAB F1	3	3	12 -	27
4 Scharnegoutum'70 F3	3	3	7 -	28
5 Rood Geel F6	3	1	8 -	13
6 Heeg F3	3	1	5 -	35

**SDS 2 - 4e Klasse AD**

1 CommeCi CommeCa 4	4	12	28 -	11
2 RES 3	4	9	20 -	14
3 Workum 7	3	7	27 -	13
4 Friesland College 5	2	6	17 -	7
5 Workum 6	3	6	19 -	18
6 Avanti 5	3	4	11 -	13
7 NTW 2	3	3	18 -	17
<b>8 SDS 2</b>	<b>4</b>	<b>3</b>	<b>19 -</b>	<b>22</b>
9 MKV'29 2	4	2	17 -	33
10 Read Swart 1	2	1	6 -	8
11 Bolswardia 3	3	1	10 -	26
12 Friesland 6	3	0	9 -	19

## Doelpuntenmakers

No de moannen septimber en augustus foarby binne kin de earste balans opmakke wurde wat betref de doelpuntenmakers. Fraach is fansels is der wat feroare sûnt ferline jier. Antwurd: nee.

Want Hendrik de Jong, Eddy de Boer en Ype Tiemersma stiene ferline jier ek oan de top. Marco Ottens skoort net allinne foar Mulier mar gelokkich ek foar SDS.

1	Hendrik de Jong	I	7
2	Eddy de Boer	IV	4
3	Ype Tiemersma	IV	4
4	Marco Ottens	I	3
5	Harm A.Dijkstra	II	3
6	Harm Stremmer	I	2
7	Pieter Kamstra	II	2
8	Gerard Posthumus	III	2
9	Peter Kusters	III	2
10	Roel Sybesma	III en V	2
11	Floris Hiemstra	I	1
12	Robert Sijbesma	II	1
13	Skelte Anema	II	1
14	Anco Elgersma	III	1
15	Jentsje Jorritsma	III	1
16	Frans P. Terpstra	IV	1
17	Tsjalling Hoekstra	IV	1
18	Aant Hofstra	V	1
19	Folkert R. Vellinga	V	1
20	Ids Boersma	V	1
21	Klaas Okkema	V	1
22	Willem Tjalsma	V	1

### Noch wat sifers

totaal	doelpunten	43
totaal	wedstriden	19
totaal	minuten	1710
totaal	per hoefolle minuten in doelpunt	40

## SDS 3 Hoera hoera

SDS 3 – AVC 3 6 – 9 – 03

De start fan de kompetysje is in feit as ynfaller-skiedsrjochter Jelle de Boer in dik kertier letter as de bedoeling foar it earst op syn fluit blaast.

De basis bestie út de folgjende alve:

	Jappie	
Ronny	Wouter/Jeroen	Ido
Lieuwe M	Jan / Jentsje	Sjoerd
	Friso/Hampie	

Wiksels:

Anco, Tsjerd en Peter.

Sa as eltsenien út boppesteande opmeitsje kin, binne der inkele wizigingen trochfiert, werfan de posysje fan topskorer Jappie Wijnia dochs wol it meast opmerkelijk naam wurde mei.

Foar fragen as opmerkings oangeande de oaren ferwiis ik jimme nei it bewarnummer fan de Treffer / Lieuwe Meijer.

SDS 3 begjint logyskerwize wat unwennich oan de wedstriid. It moat allegearre wer efen wat wenne, mar de bedoelings binne goed. Der wurdt foaral hurd wurke en dat resultearret al rille gau yn inkele kanskes. Mar troch it untbrekken fan skerpte fan us en goed keeperswurk, geane we de rest yn mei 0-0. Jappie hat oan dan ungefear 1, 5 bal hant.

Mutaasjes nei rest; Anco komt foar Lieuwe, Tsjerd nimt de fluit oer en Peter ferfangt Ido. Undergetekende komt op de back, Friso linksheal en Peter yn de punt. Ek nei rest is SDS 3 dudlik de bettere, al is it spul net suprieur. Der wurde wer in protte kansen kreeert, mar ek like hurd

keart troch harren goede keeper en dus net sekuer genoch ynsjitten troch us. It is Anco die nei wer in goeie aksje op de rjochterkant, de bal mar werris op de goal sjit, wer't er troch in spiler fan AVC fan rjochting feroare wurdt en sa de keeper op de ferkearde foet set. 1-0 foar de boys! En hjir bliuwt it by.

De nije rigel, dat by de wat legere alfetallen tsjinwurdich trochwiksele wurde mei, komt us noch goed fan pas want Jan moat der in kertier foar de ein of; kramp yn beide fuotten. Sterk werk Jan! Lieuwe komt sadwaande ek de twadde helte noch efen yn aksje.

Flamengo 2 – SDS 3 13 – 09 – 03

Op in prachtige sneontemiddei moasten wy yn Ljouwert oantrede tsjin in tsjinstanner die't my allinnich mar bekind is fan wylde ferhalen.

Op in prima bespylber fjild (utsein de linen, mar der hoecht yn prinsipe net safolle op spyle te wurden), kaam interm-lieder Sipke mei de folgjende opstelling:

	Jappie	
Sjoerd	Tsjerd/Jacob	Jeroen
Gerlof	Sipke/Wouter	Jentsje
	Gerard/Peter	

Wiksels:

Ronny en Roel.

As je it oer it spyljen fan it eigen spul hawwe, dan prate we by SDS 3 oer in behalden strategy. We litte us wat werom sakje en prebearje mei de linies ticht byinoar de tsjinstanner under kontrole te halden. Tsjin Flamengo slagget dit aardich. Nei san 20 minuten is it Gerard die't ut in korer fan Peter, de 0-1 makket. In moai begjin fan wat noch in folle moaiere middei wurde soe, al like dat der efen foar rest net echt op. Want



troch in flater fan Jappie koene de Ljouwerters op likense hichte komme en giene we mei 1-1 de rest yn.

Nei de te kaam Roel yn de spits, gie Gerard earst efen op de bank, om letter der foar Peter wer yn te kommen. Ek Ronny makke syn opwachting, hy ferfong routinier Jakob, die't werom sjen kin op in beste helte.

Geandewei de twadde helte krigen we hieltyd mear oerwicht, Flamengo koe oanfaljend net echt folle mear ut rjochtsje as hjir en der in slap ofstanskotsje of in sparsume mooglikheid. Wat der noch

untbruts wiene goals foar us, mar der is oan wurke.

It wie Peter die't mei in wraldgoal (in laf baltsje fan buten de 16 oer de keeper) us wer op foarsprong sette. It waard noch 2-2 ut in penalty nei hands yn it strafskopgebiet. Mar doe wie it SDS 3 dat it heft yn hannen naam en ut run nei 2-5. Goals wiene der fan: Roel (nei in beste aksje fan Gerlof), Gerard (assist Ronny) en in beste goal fan Jentsje.



Mei de toer op de eftergrûn kaam de seleksje fan SDS 3 op de foto.

Wagenaar, van Beem, Stenekes, Jorritsma, Meijer, Elgersma, Harkema, van de Brug, Albada, Kusters, Wijnia, Hylkema, Dijkstra en Wagenaar sille der alles oan dwaan om dit jier boppe yn mei

te draaien. Jappie Wijnia is foarloepich begûn oan in nije útdaging. Ballen keare yn SDS 3. At de blessure hielendal oer is, sil hy de doelpunten wol wer meitsje wolle.

## Trefferkes

### Floris en Frank

Yn de LC fan moandei 8 septimber stiet op side 29 "Frank de Boer boycot de NOS". Dit is natuerlik syn goed rjocht want dy minsken sijke dochs de wedstriden mar ôf dy't se sels net út stjoere.

Mar trije siden earder stiet "Floris Hiemstra, de Frank de Boer van SDS,". Wat sille we no krije wol Floris net mear mei de NOS prate. Dit hie oars krekt wat west, in trui oan mei American Base der op en in pet op e' holle mei it goeie internet adres.

Wat hie dat wat op smite kind foar de klup. Ponghâlder Popko kin dan de net begrutte kampioenskosten ek mei nimme. Mar nee Floris wol net, op snein te jûn bij Jack en Youri oan tafel. Gesellige jonges tocht ik. Mar miskien better noch moandei op 'e reade bank bij Mart fertelle oer de famylje (wat soenen se grutsk wêze), wa at er is, wêr 't er wei komt, wat er docht en hoe at it dochs komt dat er sa op Frank de Boer liket. Floris wol net. Tige, mar dan ek tige spytich.



### Fuotbalhumor

Fuotbalhumor is dreech út te lizzen oan minsken dy 't hjir hielendal gjin ear of each foar hawwe (froulju bygelyks). Om dochs in bytsje dúdlik te meitsjen wat fuotbalhumor no ûngefear is, hjir in foarbyld: It 1e sealteam hat krekt harren wedstriid mei 3-0 wûn fan in tsjinstanner dy 't eins de hiele wedstriid better wie (al humor op himsels). Sy moatte nei in oar gebou om te brûzen om 't der kâns op

legionellabesmetting is. At sy dêr stean te brûzen komt ek de tsjinstanner dêr om te brûzen. Sy sille efkes wachtsje moatte. Wat sizze de jonges fan SDS? "Wy hoege hun azen net wer ôf te droegjen wol"? en nei al in skoftke ûnder de brûs stien te hawwen; "it soe sneu wêze at sy no wer in kâlde brûs krije".

### SDS League

Omdat de organisaasje fan 'e SDS League sa noadich miende om op fakansje te gean, komt de earste stân fan de SDS League sa at it no stiet in wike letter. Hy hinget dan fansels yn 'e kantine en stiet natuerlik op [www.vv-sds.nl](http://www.vv-sds.nl). Yn 'e folgende Treffer stiet de stân ek wer fansels. Der dogge dizze kear sa'n 85 minsken mei oan 'e SDS League.

### Nije sokken

Foar de wedstriid tusken SDS 2 en CVVO klaaiden alle jonges hun om yn 'e klaiboks. Alle eagen foelen al gau op 'e SDS-sokken fan Jos Zonderland. Dizze sokken koenen wol by de stofdoeken want sy hienen beide gjin teanen mear. Jos woe syn ekskuzes ek oanbiede foar syn belabberde sokken, mar sei derby der alles oan dien te hawwen om nije SDS-sokken te heljen. Hy wie de sneontemoarns om 9 oere nei Easterein ta gien om by Bergstra's kleansaak echte nije SDS-sokken te heljen. Doe't hy dêr kaam die bliken dat dizze saak der al mear as in jier net wie. Jos hie gjin idee wêr at der dan hinne moast.

### Lucht

Ek yn it amateurfuotbal giet it mar troch mei de "professionalisering". In nije ûntwikkeling is it ynkeapjen fan lucht.

Sa hat SDS de flessen mar skjinne lucht ek al klear stean, yn it gefal in trainer yn it skoft konstateart dat er te min lucht yn de ploech sit.

No mar ôfwachtsje welke ploech by SDS dat is.

De flessen wurde troch frijwilligers fuld op Skrok omdat dêr skinne lucht is.



## In triuwtekkel

Klaas Visser is lieder fan SDS F2. Hy is ek trainer. Sa kin hy troch de wike bepaalde dingen oppakke dy't hy sneons sjocht.

Sa kaam dizze wike de tekkel oan de oarder. De jeugd hie it begrepen. Dan diene je wat ferkeard en dan fluite de skiedsrjochter.

Sneon tsjin Leeuwarder Zwaluwen waard er omraak treaun troch in F-ke fan SDS. It hiele lichem deryn, foardat de bal ek mar yn de buert wie.

De skeidsrjochter fluite en sei der by dat triuwe mei it skouder wol mocht mar net sa't hy it die.

Yn it skoft wie hy suver grutsk op it feit dat de skiedsrjochter tsjin him fluite, want hy sei tsjin elkenien dy't it mar heare woe: "Ik die in triuwtekkel en dat mocht net."

## Jierdeikado

Tinus Hoekstra waard freed 12 septimber 2003 60 jier. Omdat hy alles hat wat syn hertsje begeart, is it foar de soannen altyd lestich om in leuk kado te jaan.

Soan Robert wie wol hiel orisjineel. Hy joech heit in flachje. Doe't Tinus frege: "wat moat ik dêr no mei", hie Robert it antwurd klear: "Moarn flagje by de A's." Sa barde it dus; Tinus Hoekstra 60 jier jong stie te flagjen by SDS A1 - RoodGeel A1



## Sneue bak

Supporter Jan Feenstra fan Winsum wie tige lokkich doe't hy op syn programmaboekje seach dat hy in winnend nûmer hie. Jo komme dan meastentiids leuk thús. Foar Feenstra pakte it lykwol wat oars út. Doe't er syn priis iepen makke seach er dat hy fan bestjoerslid fan tsjinst, Teake Brouwer, in pûde ôffal mei krigen hie. Lokkich koe dit misbegryp letter rjochtlutsen wurde en koe Feenstra de echte priis meikrije.

## Sterk door samenspel!

Sneon 20 septimber hie D1 in ûngemak mei de spiler Kristiaan Gaastra. Hy krige in swiere blessuer, hy bruts syn ankel. Hiel spitich en yn feiten net noadich. Mar as je sjogge hoe wy by SDS en as Eastereinders mei inoar gearwurkje dan jout dat wer moed. Frank brocht him nei de box en letter gienen Koos en Klaske om healwei tsienen mei Kristiaan nei dr Loor yn Easterein nei en dernei nei it sikehûs. Johan, Klaas en Frank bleaunen by it team en nei de wedstriid gie Klaas mei 4 jonges yn de auto nei lens. Heit Gaastra ynformearre oer de tastân fan de soan en doe nei Easterein. Dr Loor frege hoe en wat en doe nei Snits mei Jarco en Cristiaan P. Der oankommen troffen we Koos, Klaske en Kristiaan die krekt heart hie dat hy opereare moast wurde. Nei Gaastra's hûs skilje joech neat. Se wienen net yn 'e hûs Klaas hat syn Jeltje skille en sei: "Ryd efkes nei lens en sis dat heit of mem Gaastra nei it sikehûs komt". Jeltje yn har koeketrommel (Nissan Micra) nei lens. Gjin ien thús. De boer op de trekker yn it lân. Jeltje ek yn it lân. Troch de fel

wytte broek seach Gaastra har. "Jo of jo frou moatte nei it sikehûs, sei Jeltje". "Ja..no..ja...dan moatte jo myn frou efkes ha. "Wer is jo frou?", frege Jeltje. "By de iepen dei fan de soarchbuorkerij yn Spannum, sei Gaastra". Jeltje yn de auto en oer de binnedyk nei de soarchbuorkerij. In beam op de dyk. "Jo kinne hjir net lâns hear!, seit de beamseager". "Ik moat frou Gaastra ha, want har soan leit yn it sikehûs", seit Jeltje. "As jo efkes werom gean, troch de dam, in eintsje troch it lân en oer de oare dam en wer op de dyk, dan komme jo der ek wol". Jeltje stuiterjend troch it lân en der fynt se frou Gaastra. Alles útlizze en doe koe Jeltje nei hûs. Yntusken sieten Klaas, Christiaan P. en Jarco foar it sikehûs te wachtsjen. Der kaam frou Gaastra en doe koenen we nei Kristiaan. Der sieten Koos en Klaske noch by. Wy winsken Kristiaan en syn Mem sterkte en doe koenen we nei hûs. It ûngemak barde om 9.15 en we wienen 1 oere wer thús. KP.

## Samar in foto



Soms is der in plakje oer yn de Treffer. Dy fulle wy op mei in printsje of in foto. Derom de ploech dan F2 dizze kear op de foto yn de Treffer. Lieder Klaas de Haan, Jelmer, Ruurd, Jelle Jan, Joost, Remco, Pieter, Bouke en Teun.

Marco de Vries wie der net doe't de foto makke waard

## Aginda

Wannear	Wat	Hoe let en wêr
4 oktober	Oostergo 1 – SDS 1	14.30 oere Ie
8 oktober	SDS 1- Lemsterland 1 (futsal)	21.00 oere Greidhoeke
11 oktober	SDS 1 – Wykels Hallum 1	14.30 oere Skoalleseize
15 oktober	Meinte Sixma toernooi	Skoalleseize
22 oktober	Kopydatum Treffer	Redaksje
22 oktober	SDS1 – RES 1 (futsal)	21.00 oere Greidhoeke
25 oktober	Buitenpost 1 – SDS 1	14.30 oere Buitenpost
25 oktober	Frijwilligersjûn	21.00-oere Skoalleseize
1 novimber	SDS 1 – WTOC 1	14.30 oere Skoalleseize
17 novimber	Ledengearkomst	20.00 oere kantine